

1 novimber 2018 yn Tresoar – Algemiene Ledegearkomste

In baas opkomst en der is in soad bepraten wurden (sjoch ferslach fan dy gearkomste) en nei de tiid hawwe Janneke Spoelstra en Sytse Jansma in lêzing holden oer harren befinings yn it bûtenlân.

7 novimber 2018 yn Post Plaza – Deistich Bestjoer

Earste gearkomste fan it bestjoer mei Paul van Dijk. Wy hawwe de gong en de sokken deryn en tinke nei oer it kommende jier mei't wy dan it 50-jierrich jubileum fiere meie.

23 novimber 2018 yn Tresoar – Tinktank

Ditkear wie Ernst Bruinsma fan Boeken fan Fryslân/Afûk útnûge om de leden andert te jaan op harren fragen oangeande BfF. It gie benammen oer de Sutelaksje, en it wie dúdlik dat Ernst as haad fan BfF de besluten nimt. Alex de Jager (direkteur Afûk) wie teffens útnûge, mar koe dy deis net.

27 novimber 2018 by André thús – Deistich Bestjoer

In ad hoc-gearkomste om te besluten oer Willem Verf syn foarstel om in diskusjejûn te organisearjen dêr't politysy by útnûge wurde fanwegen de ferkiezing. En om saken ôf te praten oer de tarieding fan in ynsprekken oangeande de Kultuernota op 12 desimber. Paul koe spitigernôch net, Geart koe der yn Denemarken fia Skype by wêze.

4 desimber 2018 by André thús – Deistich Bestjoer

Grutste ûnderwerp fan petear wie it ynsprekken op 12 desimber. Wy hawwe allegearre de stikken troch west en sa de wichtichste punten destilearre, dêr't wy no fierders mei te set sille. Geart koe der fia Skype út Denemarken wei wer by wêze.

8 desimber 2018 Skriuwersmiel yn Kafee Marktzicht yn Drachten

Us jierlikse Skriuwersmiel is wer nei tefredenens ferrûn. In moaie opkomst yn it boppesealtsje fan 'e âlde jachtweide fan Rink van der Velde. Sprekster Anne Graswinckel hat in helder ferhaal holden oer it tema: *ferdwale yn ferhalen, fan idee ta ferhaal*.

12 desimber 2018 Steatemark en Byldfoarmjende Steatekommisje yn Provinsjehûs

Ut namme fan 'e leden hat bestjoerslid André Looijenga ynsprutsen mei't de Fryske literatuer en har skriuwers folslein ûndersnijd binne yn de nije provinsjale kultuernota 'Kultuer oan 'e Kime'. De fraksjeleden hawwe dat ek omstjoerd krigen. Tryntsje wie ek oanwêzich.

20 desimber 2019

Opinystik fan It Skriuwersboun oer de Kultuernota opnommen yn de LC, ûndertekene troch André Looijenga.

19 desimber 2018 ferfolch Byldfoarmjende Steatekommisje yn Provinsjehûs

André en Tryntsje ha oerlein oer de stikken oangeande de Steaten en it ûnderwerp Literatuer.

27 desimber 2018 Petear mei Willem Verf yn Damwâld

André, Tryntsje en Geart hawwe in goed en fruchtber petear hân mei Willem oer de debatjûn oangeande Fryske literatuer mei safolle mooglik listlûkers. De jûn sil heve op 7 febrewaris en yn 'e mande mei in pear kearnfigueren sille wy ús bêst dwaan safolle mooglik minsken op de jûn yn Tresoar te krijen.

27 desimber 2018 by Geart syn heit en mem yn Damwâld – Deistich Bestjoer

André, Tryntsje en Geart hawwe koart neipeteard nei oanlieding it oerlis mei Willem. Fierders noch in pear oare rinnende saken besprutsen.

2019

4 jannewaris 2019 Nijjiersresepsje fan de Provinsje Fryslân

Tryntsje hat as foarsitter de nijjiersresepsje fan de Provinsje Fryslân bywenne.

8 jannewaris 2019 Petear mei Willem Verf yn Tresoar

In fruchtbere ferfolchgearkomste op it petear dat wy 27 desimber mei Willem hân hienen, in debatjûn organisearre troch it Skriuwersboun liket gaadlik mei de Fryske Literatuer as

ynstek. As datum wurdt 14 febrewaris keazen om't wy dan al gebrûk meitsje kinne fan de Gysbert Japicxseal.

8 jannewaris 2019 Petear mei Willem Verf, Pier Bergsma (de Ried) en Onno Falkena (EBLT) yn Tresoar

Pier besprekt it idee fanút de Rie fan de Fryske Beweging om in bredere debatjûn te organisearjen as allinnich oer de literatuer. Sa't it no stiet sil dat op 'e NHL plakfine (Henk Wolf hat de fasiliteiten oanbean) mei klam op ûnderwiis en wittenskip. Wy bringe him en Onno (EBLT) op 'e hichte fan de plannen fan it Skriuwersboun. Pier Bergsma sil de ideeën ynbringe op de gearkomste fan 'e Ried dy't nije wike is.

8 jannewaris 2019 yn Tresoar – Deistich bestjoer

Nei de twa oare oerlizen noch in gearkomste fan it deistich bestjoer om rinnende saken te besprekken. Wy hawwe ek benammen harsenskrabe oer wat wy oangeande it jubileumjier dwaan sille. Wy sette no yn op in boek en by de presintaasje dêrfan hâlde wy in lyts feestje.

11 jannewaris 2019 De Basuin

Nijjersbuorrel It Skriuwersboun. Wy sette it jubileum feestlik útein mei in moaie opkomst fan sa'n 16 persoanen en ferwolkomje derby ek nije leden.

22 jannewaris 2019 oerlis S. Poepjes mei EBLT en oare organisaasjes op it Provinsjehûs

Tryntsje hat as bestjoerslid fan it EBLT en fertsjintwurdiger út It Boun derby west. It wie in posityf petear, dêr't Sietske Poepjes in tal fan tasizzings dien hat, ynklusyf in noch te ferskinen nota. De literatuer is sa werris mei klam neamd wurden.

23 jannewaris 2019 Ynauguraasje Tsead Bruinja as Dichter des Vaderlands yn Amsterdam

Geart wie hjirhinne en fertsjintwurdige dêrmei teffens it bestjoer fan It Skriuwersboun.

1 febrewaris 2019 yn Tresoar – Deistich bestjoer

Koart oerlis oer driuwende saken lykas it jubileumboek, foar't wy de dielnimmers fan de Tinktank wolkom hjitte.

1 febrewaris 2019 oerlis mei Willem Verf yn Tresoar

Foar en nei de Tinktank hat it bestjoer mei Willem Verf om 'e tafel sitten om te praten oer de listlûkersjûn op 14 febrewaris. De lêste puntsjes op de i.

1 febrewaris 2019 yn Tresoar – Tinktank

It ûnderwerp fan petear wie ditkear Frysk *proaza* en dêr binne aardich wat minsken op ôfkommen dy't harren sa't it liket ek aktyf ynsette wolle yn in Proazawurkgroep. In hiele fruchtbere en goede byienkomst.

11 febrewaris 2019 yn Tresoar – Deistich bestjoer

Tryntsje, Geart en André hawwe koart nei it oerlis mei Willem Verf in pear saken (benammen eventuele kandidaten foar it bestjoer) bepraten.

14 febrewaris 2019 yn Tresoar – Debatjûn 'Polityk moetet Literatuer'

Nei in begjin mei sop en broadsjes sieten fiif listlûkers efter de tafel en de deputearre fan Kultuer Sietske Poepjes as apart programmaûnderdiel. De GJ-seal siet fol en organisatoarysk en technysk gie it fan in leien dakje. Wy sjogge, mei organisator en petearlieder Willem Verf, werom op in tige slagge jûn dy't nei alle gedachten in ferfolch krije sil nei de ferkiezings. Rob Faltin en Truus de Vries fersoargen de muzyk. Sjoch it ferslach.

21 febrewaris 2019

Yn De Dikke van Dale oerlizze it DB fan it Skriuwersboun en Willem Verf oer de opbringst fan de Debatjûn. It is Memmetaaldei en wy sjogge dernei yn Slieker de film Sorbyske film 'Zmij' (De Draak) en 'Doar klept de klokke weer', in film makke yn it Stellingwerfs. Wy ha in gearfetting oan de politike partijen stjoerd.

28 febrewaris 2019 yn Tresoar – Algemiene Ledegearkomste

Foarôfgeande oan de ALG nimme Syds Wiersma, Meindert Reitsma en Hein Jaap Hilarides as kontôleurs de finânsjes 2017 en 2018 fan it Skriuwersboun troch. Der binne gjin fragen. Tryntsje hat de taak fan waarnimmend ponghâlder op har nommen sûnt it ôftreden fan Friduwih Riemersma, bystean troch boekhâlder dhr. A. Mulder (Althe, Amersfoort). De wichtichste ûnderwerpen binne de bestjoersgearstalling en de jublieumplannen. Oangeande de bestjoersformaasje wurdt Baukje Zijlstra foardroegen en oannommen as algemien bestjoerslid. Trevor M. Scarse sil mei ynstimming van de leden Geart syn taken

waarnimme wannear't dy in healjier fuort te fytsen is (april-oktober). André is oansteld foar wer trije jier. Tryntsje kriget nei twa terminen fan de leden it mandaat om noch maksimaal in jier troch te gean om it jubileumjier fierder ta te rieden. It bestjoer sil ûnderling de taken ferdiele.

Nei it skoft lit Laurens Bontes de tekening sjen foar it jubileumboek. De oanwêzigen wienen o sa optein oer it idee en útwurking. Der is in redaksje oansteld, Jetske Bilker, Baukje en André.

2 maart 2019 Neushoorn

Geart, Baukje, André en Tryntsje wenje it Boekebal by.

maart-novimber 2019 – Produksje jubileumboek Nearnewâld

De rest fan it jier hat de redaksje wurke oan it sammeljen en redigearjen fan alle bydragen en it produsearjen fan it jubileumboek, yn gearwurking mei Laurens Bontes en Jitske Kingma fan Elikser.

8 maart 2019 yn Humphrey's – Deistich bestjoer

It bestjoer komt yn de nije gearstalling bynoar, wy komme yn 'e kunde mei Baukje en Trevor. Der leinen noch in tal rinnende saken en fansels ús jubileumjier. Wy hawwe in soad dingen by de kop hân en sadwaande de gong der wer goed yn. Sa wol André it ponghâlderskip wol oernimme.

14 maart 2019

Proeftún Meartaligens fan We the North. Baukje hat dizze gearkomste bywenne.

21 maart 2019 oerlis DB-leden mei Ernst Bruinsma fan Boeken fan Fryslân by de Afûk

Wy hawwe in relatyf lang, mar goed en noflik petear mei Bruinsma hân. Underwerp fan petear wie de Moanne fan it Fryske boek dy't folop yn gong is mei skriuwer Willem Schoorstra dy't folslein carte blanche krigen hat, dêr't Bruinsma wiis mei is hoe't it útpakt. Fierders meie wy ús winsken kenber meitsje foar takom jier en wurde wy nûge om mei te tinken mei de ûntjouwings, wy wurde bypraten oer de ambysjes fan Ljouwert om City of Literature te wurden.

28 maart 2019 oerlis mei Martsje de Jong, Hilda Talsma en Eeltsje Hettinga yn Tresoar

Hja woenen it mei ús as bestjoer hawwe oer de ynfolling fan de Moanne fan it Fryske Boek, om't der oars gjin skriuwer as Willem Schoorstra yn 'e belangstelling stiet. De útkomst is dat It Skriuwersboun de leden hifkje sil nei de ûnderfinings mei de MfiFB en de reaksjes weromkeppelje sil oan de Afûk.

28 maart 2019 oerlis mei Lútsen Kooistra fan YKFE yn Tresoar

Kooistra hat de bibeloersetting dêr't YKFE mei dwaande is neier útlein. Hy freget oft it SKB dat stipet. Wy binne wat ôfhâldend, om't it oersetten draait op frijwilligerswurk en wy ús ek foar oersetters ynsette. Wy as bestjoer wolle sa'n beslút net sûnder it meiwitten fan ús leden nimme. Kooistra sil in mail opstelle dy't wy nei de leden omstjoere kinne.

28 maart 2019 yn Tresoar – Deistich Bestjoer

Der wienen wer in soad rinnende saken te bepraten.

4 april 2019 Oersetterswurkgroep yn Tresoar

By it opstarten fan dizze wurkgroep wienen der fan 'e leden Ammerins Moss-de Boer en Bert de Vries. Trevor wie as bestjoerslid ek oanskood. Der kamen trije haadpunten út: chicklit, poëzy (benammen outlaw/beat en Ierske dichters) en Frysk nei oare talen (mooglik te kommen ta *Rein yn blauwe reinjas 2.0*, mar dan Frysk-Ingelsk). Bedoeling is om leden op 'e hichte te stellen en har mooglik foar in sjenre oan te melden.

12 april 2019 Tinktank oer proaza yn Tresoar

Nei't wer helder makke is hoe't it lân der eartiids hinne lei, binne der guon stappen foarút setten. Punten foar omtinken yn in mooglik petear yn 'e rjochting fan Afûk/Boeken fan Fryslân. Wy sykje in 'lûker' foar de wurkgroep Proaza

17 april 2019 – Iepening tentoanstelling Ids!

Tryntsje hat de iepening fan de tentoanstelling Ids! yn Obe bywenne.

17 april 2019 – Gearkomste EBLT

André Looijenga wennet mei Tryntsje gearkomste EBLT by, hy sil har plak oernimme út It Skriuwersboun wei. Sy is ôfgeand nei twa terminen fan 6 jier.

25 april 2019 yn de Neushoorn - Byienkomst City of Literature

Byienkomst yn de Neushoorn dêr't útlis jûn waard oer it proses fan oanfreegjen, hoe't it bidboek opsetten wurde moat en oerlis oer ynfolling fan it bid. It Skriuwersboun wurdt frege oft sy neitinke wolle oer in writer's residence en hoe't de Fryske literatuer yn it sintsje set wurde kin. Dêr planden wy in Tinktank foar yn. Baukje en Tryntsje wenje de gearkomste by.

25 april 2019 Tresoar Deistich bestjoer

Wy besprekke rinnende saken, mei in aksint op it Jubileumboek en de fragen fan ús leden.

2 maaie 2019 Fryske Akademy - Transpoesie

Oerlis Alex Riemersma, Cor van der Meer en Tryntsje van der Veer as sjueryleden oangeande de ynstjoering foar Transpoesie 2019. Elmar Kuiper sil op 26 septimber dit jier yn Brussel, de Europeeske Taledi, ús as dichter fertsjintwurdigje. It is it twadde jier op rige dat wy nei in wedstryd immen útstjoere nei dizze dei. It ynstjoerde fers hjit 'Myn lân'.

9 maaie 2019 NHL Stenden

André Looijenga en Tryntsje van der Veer wenje by NHL Stenden de Ferkiezingsjûn by, mei-organisearre troch it EBLT.

10 maaie 2019 yn Tresoar – Tinktank City of Literature

Ferskate persoanen wiene oanwêzich op de Tinktank dêr't we harsensskrabbe hawwe oer ideeën foar it ynfoljen fan it bidboek. Fierders wie Jan Lugtendorf fan it Gysbert Japicxhûs oanwêzich om't dy lokaasje in nije funksje siket. Hie der wol earen nei om der û.o. in writer's residence fan te meitsjen.

17 maaie 2019 yn Twizel – Utrikking Simke Kloostermanpriis 2019

It berneboek *Tomkes foarlêsfest* fan de skriuwsters Auck Peanstra (1954-2016) en Riemkje Pitstra en fan yllustrator Luuk Klazenga wie de winner fan de Simke Kloostermanpriis 2019. Tryntsje en André wienen oanwêzich en hawwe in kaartsje oanbean oan de winners. Geart wie sjuerylid, mar koe spitigernôch op de middei sels der net by wêze. André en Tryntsje ha de gearkomste en feestlike jûn bywenne.

21 maaie 2019 NHL en Koperen Tún

Tryntsje wennet ynspiraasjemiddei by t.g.f. it ôfskie fan Alex Riemersma, lector by de NHL.

23 maaie 2019 oerlis mei Ernst Bruinsma oer de Moanne fan it Fryske Boek en Tinktank City of Literature yn Afûk

As Skriuwersboun hiene we ús leden frege wat sy fûnen fan de organisaasje fan de Moanne fan it Fryske Boek yn 2019. Wy hawwe de ynstjoerde opmerkings en tips foarlein oan Ernst Bruinsma. Grutste tûkelteam wie dat it programma wat yn breedte miste mei allinnich de fokus op it boek fan ien persoan, al is it boekewikegeskink in soad ôfnaam. De Afûk wol graach romte biede foar privee-inisjativen it kommende jier. By it bidboek foar City of Literature wiene se beheind ta seis aktiviteiten. Hja wolle al graach privee-inisjativen om it offisjele programma hinne. As Ljouwert CoL wurdt, dan sil der in webstee opsetten wurden dêr't alles op gearkomme kin.

23 maaie 2019 oerlis mei Meindert Reitsma yn Tresoar

Meindert is by it team literatuer fan Tresoar kommen. Hy is ferantwurdlik foar de befoardering fan it Frysk, Sirkwy en oare aktiviteiten, benammen yn Obe.

23 maaie 2019 – Bestjoersgearkomste yn Tresoar

In grut ferskaat oan rinnende saken waarden besprutsen. Op Geart nei, dy't oan it fytsen wie, wie bestjoer folslein oanwêzich. Tryntsje bringt ús op 'e hichte dat Elmar Kuiper keazen is om nei it ynternasjonale poëzyfestival Transpoesie yn Brussel ôf te reizgjen.
(rest is earder al neamd)

24-25-26 Tryntsje is mei nei Helgolân, foar de trije-jierlikse útwikseling tusken de Fryslannen. It smyt nije konneksjes op, foaral in oansluting op it mêd fan muzyk en toaniel.

31 maaie 2019

André en Tryntsje wenje de 10e Jan Ritskes Poezijnacht by yn Twizel.

13 juny 2019 – Deistich Bestjoersgearkomste yn Tresoar

In grut ferskaat oan rinnende saken waarden besprutsen. Op Geart nei, dy't oan it fytsen wie, wie it bestjoer folslein oanwêzich. Tryntjse leit om persoanlike redenen har foarsitterskip del, is reewillich oan te bliuwen as algemien bestjoerslid.

21 juny 2019 yn Tresoar – Utrikking D.A. Tammingapriis

Baukje Zijlstra ûntfangt de D.A. Tammingapriis 2019 foar har roman *De Koma-Korrektor*. Kriget in boekebon en in blomke fan it bestjoer.

22 juny 2019 yn de Bogt fen Guné – Skriuwersmiel

It Skriuwersboun organisearre in gearkomste mei iten en literatuer yn de Bogt fen Guné te Frjentsjer. Binne in stik as tweintich minsken oanwêzich en der wurdt smûk iten, foarlêzen en praat.

5 septimber 2019 – Bestjoersgearkomste yn Tresoar

In grut ferskaat oan rinnende saken waarden besprutsen. Op Geart nei, dy't oan it fytsen wie, wie it foltallich bestjoer oanwêzich. It aksint leit op it jubileumboek en –feest.

14 septimber 2019 Jubileum FLMD yn Tresoar

Baukje Zijlstra wie oanwêzich by it jubileum fan it FLMD.

24 septimber 2019 – Netwurkboarrel fan de Provinsje

De Provinsje organisearre in netwurkboarrel yn it ramt fan it staljaan fan de nije kultuernota. Allegearre organisaasjes op it mêd fan taal en ûnderwiis, erfgoed en keunst en kultuer wienen útnûge, sa ek it Skriuwersboun. Baukje en Trevor wienen hjir oanwêzich út namme fan it bestjoer.

26 septimber 2019 – Literêre Jûn fan it EBLT

It EBLT hie in literêre jûn organisearre mei Grinslânske en Fryske dichters yn Ljouwert. André wie oanwêzich. Waard holden yn de Fryske Akademy, wat in moaie lokaasje is dy't net faak genôch foar soks brûkt wurdt. Yn it EBLT DB deroan foarôfgeande naam Tryntsje ôfskie út namme fan It Skriuwersboun.

26 septimber 2019 Transpoesiefestival yn Brussels

Elmar Kuiper nimt diel oan dit ynternasjonale poëzyfestival yn Brussels.

3 oktober 2019 – Provinsjehûs

Tryntsje wennet de Rede fan Fryslân by, útsprutsen troch Gerrit Hiemstra.

3 oktober 2019 – Bestjoersgearkomste yn Tresoar

In grut ferskaat oan rinnende saken waarden besprutsen. Op Geart nei, dy't oan it fytsen wie, wie it bestjoer folslein oanwêzich.

5 oktober 2019 – Utrikking Rely Jorritsmapriis 2019

De útrikking fan de Rely Jorritsmapriis waard holden yn de tsjerke en it doarpshûs fan Bears. Baukje, Geart en Trevor wienen oanwêzich om alle winners in boekebon en kaartsje te jaan.

2 novimber 2019

Tryntsje kondolearret de famylje van Klaas Bruinsma (Wâldhof, Pein (Dr.))

7 novimber 2019 oerlis mei Ineke Rienks en Janna Hiemstra

Tryntsje hie oerlis mei Ineke Rienks en Janna Hiemstra oer it produktplan en de provinsjale subsydzjes 2019 en 2020.

14 novimber 2019 – Jubileumfeest it Skriuwersboun/Presintaasje Jubileumboek

In soad leden (en ek in tal net-leden) wienen oanwêzich by de presintaasje fan ús jubileumboek *Nearnewâld* yn Hotel Oostergoo te Grou. Nei de presintaasje wie der muzyk fan Grytz en Grize.

17 novimber 2019 – Boalsert Utrikking Gysbert Japicxpriis 2019

Dit jier waard de priis oerhandige oan Aggie van der Meer foar har hiele oeuvre, mar yn it bysûnder har lêste roman *De Achttjin*. Geart, André en Baukje wiene oanwêzich en winsken har lok mei in eksimplaar fan ús jubileumboek *Nearnewâld*, in kaartsje en bonbons.

21 novimber 2019 – Bekendmaking Dichter fan Fryslân

Op dizze dei waard bekend makke dat Nyk de Vries it stokje oernimme sil fan Eeltsje Hettinga as Dichter fan Fryslân. Geart wie der by om foto's te meitsjen foar ús (en oaren har) sosjale media.

16 desimber 2019 – Petear mei Meindert Reitsma

Geart en Baukje ha mei Meindert Reitsma om tafel sitten oer de aktiviteiten fan Tresoar op it mêd fan de Fryske literatuer. Se ha it hân oer de ynfolling en animo foar kursussen, de programmearring fan de Obe en de sichtberens fan harren literêre kolleksje.

Ynkommen post

- 20181112 Provinsje Fryslân: Befêstiging ynlûken subsydzje (01592914); troch bestjoer oanfrege
- 20181112 Provinsje Fryslân: Befêstiging ynlûken sybsydzje (01593051)
- 20181128 Provinsje Fryslân: Utnûging ûnderteking BFTK 30-11 (01612815)
- 20181203 Hillie van der Veen: Oanbod foar in skriuwerswente yn Noardburgum
- 20181213 Jurjen van der Weg: Reaksje op it trochsetten fan '2018verhalen'
- 20181213 Provinsje Fryslân: Oanbieding BFTK 2019-2023
- 20190108 Provinsje Fryslân: Fraach nei definitive produktplan 2019
- 20190110 YKFE: Skriftlike stipe en sykje om meilêzers foar nije bibeloersetting
- 20190111 RfdFB: Oersetwedstryd liettekst
- 20190122 dbieb yn Ljouwert: Reaksje op fraach wêrom Frysk by 'andere talen'
- 20190124 Provinsje Fryslân: Ofkarren konsept Produktplan fanwegen te grut bedrach.
- 20190207 Ried fan de Fryske Beweging: brief oan Min. fan ynlânske saken oer in alternative bestjoersoerienkomst Fryske Taal en Kultuur.
- 20190214 Stichting FLMD: Andert wêrom't de sjueryleden fan de Rely net bekend binne.
- 20190228 Aant Mulder: Andert op ús reaksje op syn kollum op It Nijs oer de listlûkersjûn
- 20190313 Hein de Jong: Foarstel ta in soarte 'Freonen fan it Fryske boek'
- 20190314 Hylke Speerstra: Mail nei oanlieding fan ús stik yn de LC fan 12 maart 2019
- 20190409 Utnûging iepening Skriuwersarke 2019
- 20190402 Hylke Speerstra: Nimt útnûging oan ris by in Tinktank oan te skowen
- 20191117 Bestjoer Gysbert Japicxhûs: Kaartsje mei lokwinsken foar it jubileum fan it Skriuwersboun
- 20191206 Explore the North: andert op ús brief en útstel om mei inoar om tafel te gean.

Utgeande post

- 20181106 Gemeente Ljouwert: Mooglik trochsetten '2018verhalen'
- 20181128 Gemeente Ljouwert: Jitris oer mooglik trochsetten '2018verhalen'
- 20181217 Pier21: Ynfolling '2018verhalen' yn 2020
- 20181217 Ynstjoerd stik LC oer provinsjale 'Kultuer oan 'e kime'
- 20181222 dbieb yn Ljouwert: Fraach wêrom Frysk by 'andere talen'
- 20190115 Provinsje Fryslân: Produktplan op 'e nij mei oanfoljende fraach ekstra post
- 20190205 Provinsje Fryslân: Produktplan definityf mei ynsidintele subsydzje (jubileum)
- 20190227 Brief oan listlûkers oer opbringst jûn Literatuer moetet polityk.
- 20190213 Stichting FLMD: Fraach wêrom't de sjueryleden fan de Rely net bekend binne
- 20190228 Aant Mulder: Ferslach en reaksje op syn kollum op It Nijs oer de listlûkersjûn
- 20190401 Hylke Speerstra: Utnûging om ris oan te skowen by in byienkomst
- 20190409 Hein de Jong: Utnûging om oan te skowen by Tinktank fan 12-04

- 20190409 Eeltsje Hettinga, Martsje de Jong, Hilda Talsma: Utnûging om oan te skowen by Tinktank 12-04
- 20190504 Transpoesie: Parseberjocht dat Elmar Kuiper dêr nei ta giet.
- 20190530 Berber van der Geest: Brief nei famylje nei oanlieding fan har ferstjerren.
- 20190623 Akky van der Veer: Brief nei famylje nei oanlieding fan har ferstjerren.
- 20191102 Jelle Zwart: Roukaart nei famylje nei oanlieding fan syn ferstjerren.
- 20191127 Brief nei de Provinsje: oer de organisaasje fan de Gysbert Japicxpriis
- 20191128 Brief nei Explore the North: oer mear fertsjintwurdiging fan Fryske skriuwers en dichters op dit meartalich en multykultureel festival.
- 20191210 Lokwinsken oan Nyk de Vries as nije dichter fan Fryslân
- 20191210 Lokwinsken oan Poetic potatoes, de winners fan de Piter Jellespriis

Ynstjoerd stik 'Set Fryske literatuer earst goed op 'e kaart' yn de *Leeuwarder Courant* fan 12 maart 2019